[0409] In mearke fan Lútzen Wagenaar

Hjirby mei in tafoeging folgje oan in artikel dat op it stuit dat ik dit skriuw, noch forskine moat, t.w. *De mearkes fan Lútzen Wagenaar* yn de feestbondel fan Prof. Buma *Flecht op 'e koai.* By it mearke `De ierdmantsjes fen Nikelsgea' wie ik der net hielendal útkommen, oft it nou in Frysk folksmearke wie of dat Wagenaar it nei in frjemd foarbyld biwurke hie. Der wiene sterke oanwizingen dat it earste it gefal wie, mar dêr stie foaroer dat Japik Hepkema op syn âlde dei miende dat Wagenaar in Frânske tekst neifolge hie, wylst S.J. van der Molen in notysje miende to hawwen hokker Frânske skriuwer as Wagenaar neifolge hie, mar dy notysje koe er net mear fine. Ik twivele dêrom, mar nei it skriuwen fan it artikel waerd my bikend, dat alle motiven dêr't it mearke út gearstald is, yn oare Fryske folksforhalen wol foarkomme.

De ynhâld fan it mearke (type AT 503) is yn it koart sa: in earm man mei in bult op 'e rêch moetet op in nacht in kloft ierdmantsjes en makket har frij fan in ban troch har liet fan 'e wike, dêr't se it slot fan kwyt rekke binne, fol to meitsjen. As bileanning nimme se him syn buchel ôf en jowe se him in sekfol goudstikken. In greate ynklauwer dy't der ek efkes fan profitearje wol, kriget yn pleats fan goud de earste syn bult.

Dam Jaarsma dielde my mei dat er it forhael fan it liet fan 'e wike dat oanfolle wurde moast, wol yn 'e Wâlden optekene hie.

It twadde part fan it forhael, dat mei de buchels, is al oerlevere yn *De Kaertlizzer,* de bikende novelle út 1856 fan H.G. van der Veen. Wy lêze dêr op s. 25-26:

`OBBE. / ... / Dat haste ommers læsten wol heard fen dy *Akrumer* kouedrieuwer, ho 't uws maet [= de divel. Y.P.] der by hjarres mei hoanle, yn dat huwz, der 't sa yn spoake. Dy keardel - wier 't nin scoënmakkerke? - fortsjinne er noch twa hoendert goune mei in hy rekke syn buchel quyt, mar de scroar krygge twa buchels yn pleats fen ien.

HUWSBAES. Wrachtich! dat sei dy fint. De dîwel flapte baes *Fiterklap* mei 't kaske troch 'e scoarstienmantel in do 't er der oaf foel, wier er mei de leage ræch, dat sei er.

OBBE. Ja; foar twa hoendert goune. Hy scoe ommers fjouwer hoendert fortsjinje foar 't er ien nacht yn dat huws siet. Dat wist uws Maet ommers in derom freegge er de helte fen 'e fortsjinst. - Mar wiste eak wol dat baes *Krotnaeld* er minder oaf kaem? Dy hie er ommers eak sin oan, om fen syn buchel oaf te kommen?!....

Derom woe er 100 goune *jaen,* om eak ien nacht yn dat huws to sitten. *Accoart* wier 't.

Baes siet mar just, der kaem uws Maet wer oan; naem 't scroärke by kop in gat in wypsdy! mei 't boarst tsjinne scoarstienmantel oan. In ho kaem er wer del?

Mei ien buchel foar in ien buchel efter. Do wier dat ommers alhiel-ind-al ien scild?'

Yn it plak fan 'e ierdmantsjes is hjir de divel kommen, mar dat is yn folksforhalen net frjemd: ierdmantsjes, reuzen en divels wikselje dêr faek yn. As de ûnderdielen van AT 503 *(The gifts of the Little People)* yn Fryslân foarkamen, is it dan net wierskynlik dat it hiele mearke dêr ek wol bikend wie?

Sa't wy yn it artikel al skreauwen, Frânske fersy's fan dit mearketype binne der genôch, mar dat is op himsels gjin biwiis dat Wagenaar dêr ien fan neifolge hat, to mear om't de motyfanalyse dêrfan oars is as dy fan Wagenaar syn tekst. Salang't immen it tsjindiel net biwiist, wol ik Lútzen syn teltsje dan ek mar foar in Frysk folksmearke hâlde.

Y. Poortinga.